

# Fragen en diskusje nei ôfrin fan DINGtiid-lêzing (5 novimber 2022)

Nei de DINGtiid-lêzing troch sprekker Heinrich Winter en ko-referint Albert Walsweer kamen der ferskate fragen út de seal.

## 1. Ynspraak by soarchplicht Frysk

De fakulteit Letteren by de RUG seit dat sy de BFTK/Hânfêst sels ynterpretearje. BZK hat de soarchplicht en de funksje fan taalskipper by de Provinsje Fryslân dellein. Hat de Provinsje dan ek net it rjocht om tsjin de universiteit te sizzen dat sy meibepale wolle oer hoe't de stúdzje der út sjocht, lykas OCW dat docht by de stúdzje Nederlânsk?

Antwurd troch Heinrich Winter: yngewikkeld, want Frysk komt by ferskate ministearjes werom. En de rjochten fan it Hânfêst binne net rjochtlik ôftwingber/juridysk net ôftwingber. En oan hokker loket moat de Provinsje oanklopje? Want by OCW sizze se, sjoch mar by BZK. Mar minister fan BZK seit, ik ha neat oer OCW te sizzen. En dêrneist ha universiteiten yn Nederlân ek noch in ûnôfhinklike posysje. Universiteit seit dan dat der ek foar oare talen gjin spesifike masters mear binne, allinne algemiene. Oan te rieden om dit yn de folgjende BFTK op te nimmen. En oan de oare kant BZK oan te sprekken. Bygelyks in útspraak fan de minister dat posysje Frysk gelyk oan dy fan it Nederlânsk moat.

## 2. Ekonomyske wearde fan it Frysk

Hat it Frysk wol in ekonomyske wearde? Want sûnder ekonomyske wearde kinne je net. Want je kinne ek sûnder it Frysk wol oan it wurk.

Antwurd troch Albert Waslweer: Ekonomyske wearde is diskutabel. Fansels is dy der ek wol sa as foar ûndernimmers, foar toerisme. Mar je moatte dy wearde net oerskatte. Je kinne yndie sûnder Frysk ek oan it wurk. De wearde sit him net yn wat it Frysk ús opleveret yn jild, of wurk, of oare opbringsten. De taal en kultuer hat syn eigen wearde, is weardefol.

## 3. Ferantwurdlikheid foar it Frysk fan gemeenten

Gemeenten kinne de ekonomyske wearde hannen en fuotten jaan, want by fakatueres kinne sy it Frysk ferplichtsje. En oare oerheden kinne it Frysk ek ferplichtsje. En sy kinne tagelyk ûndernimmers oantrune dit ek te dwaan. Gemeenten ha gjin foech op ûnderwiis, mar kinne it wol stimulearje. En der is wol in rol by it iepenbier ûnderwiis yn harren gemeente. Soenen gemeenten wat it Frysk oanbelanget hjir ek mear fan fine kinne?

Antwurd fanút SFBO: gemeenten ha minder foech wat it primêr ûnderwiis oanbelanget, mar wol foech by foarskoalsk ûnderwiis. En dat foech kinne sy ek mear brûke. Bygelyks yn harren subsydzje-relaasje, mar ek it foarskoalsk ûnderwiis freegje oan bygelyks bepaalde netwurken mei te dwaan.

Reaksje fan gemeente Waadhoeke: yn de gemeente Waadhoeke wurdt wurke oan de hân fan "útnûgjend, sichtber en fertroud". Wetjouwing is gruttendiels wol yn oarder, mar wy moatte mei-inoar mear sichtber wêze yn Den Haach, ek mei djingingen dy't hjir hjoed net binne. As lokale bestjoerders kinne wy der miskien noch mear oan lûke. Mar ha wol minsken nedich foar de útfiering.

## 4. Boarging Hânfêst

Hoe stiet it mei hoe't it Hânfêst boarge is by bygelyks de ministearjes?

Antwurd troch Heinrich Winter: Goeie fraach, want dy boarging is wichtich sawol binnen it ministearje, as ek yn de minskkrêft dy't beskikber is/steld wurdt. De kommissaris fan de Kening set him der mei de Provinsje goed foar yn en sit ek boppe-op de útfiering fan de BFTK. As it fan út de

Provinsje net bart, dan bart it fan út it Ryk seker net. Eltse kear moat der wer hammere wurde op de ôfspraken.

### **5. Frysk yn de rjochtbank**

Faak wurdt yn de rjochtbank wol rekken hâlden mei wa't de meiwurkers yn in saak binne. Mar faak basis-kunde fan it Frysk, as it wat dreger wurdt, giet it mis. Foaral in Offisier fan Justysje tinkt faak, ik ferstean it wol, der is gjin tolk nedich (want dan hoege der ek gjin earkes yn!), mar sa immen der dan net útkomt, giet dy Fryskprater 'm dochts ferbrekken en giet der wat mis. Oprop: help ús om it byinoar te krijen, mei-inoar aksje.

Reaksje fan Jan Koster (foarsitter DINGtiid): DINGtiid is wol yn petear mei de rjochtbank en it hôf. Dit giet dreech, mar liket wol wat mear gefoel te kommen. En it giet altiten om de kwaliteit fan de rjochtspraak. Spitigernôch hat de logistyk binnen de rjochtbank/hôf is soad ynfloed.

### **6. Ferskaat fan kennisnivo Frysk yn ûnderwiis**

Der is in grut ferskaat oan it nivo fan it Frysk ûnder learlingen. Fersyk om in refleksje te jaan sjoen nei prestaasje-rjochte ûnderwiis, de opbringsten en de kwaliteit.

Antwurd troch Albert Walsweer: Ik ha yn myn ferhaal opmurken dat wy yn it ûnderwiis - op makronivo - gjin ferskowing hawwe moatte fan 'it kurrikulum as realisaasje fan in ryk aanbod' nei in 'kurrikulum rjochte op opbringsten fan learlingen'. It effekt fan sa'n lêste kurrikulum is dat wy it taalûnderwiis wer ûntraffelje yn dieldomeinen en mei alle bern streekrjocht wurkje wolle oan it heljen fan dy opbringsten. Dat is rampsillich ûnderwiis! Taal leare, dogge je troch dy taal te brûken en yn it ûnderwiis moat dêrom in rike learûntjouwing kreëare wurde, dêr't learkrêften op in doelbewuste wize rjochte binne op de (taal)ûntwikkeling fan de learlingen. En je krije dan per nivo ferskate opbringsten.

### **7. Frysk yn spesjaal ûnderwiis**

It Frysk yn it spesjaal ûnderwiis stiet yn de Wet op Ekspertizesintra noch altiten omskreaun mei in "kan-konstruksje". Dat is yn striid mei it Hânfêst. Jout it Hânfêst ek hânfetten om dit yn de Wet op Ekspertizesintra op te pakken?

Antwurd troch Heinrich Winter: it Hânfêst jout gjin ferplichting, mar yn algemiene sin in ynspanningsferplichting. Wat je konkreet dwaan kinne is om it yn bestjoersôfspraken op te nimmen. It juridysk karakter fan it Hânfêst jout gjin romte.

Reaksje út de seal: by Taalplan Frysk 2030 wurdt de kommende jierren wurk makke fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis. Der sil ek sjoen wurde nei it kurrikulum Frysk yn it spesjaal ûnderwiis.

### **8. Rjocht om Frysk te praten**

Ast yn Fryslân it rjocht hast om Frysk te praten, jout dat dan ek net in ferplichting fan oaren yn Fryslân my ferstean te kinnen?

Antwurd troch Heinrich Winter: nee, allinne by de oerheid en rjochtspraak is dit fêstlein. Dat rjocht/ferplichting is der dêrbûten net (byg bedriuwslibben).

Reaksje út de seal: It Frysk is mûnling wol libjend, mar op strjitte net sichtber, al binne der fan út de oerheid genôch mooglikheden om it Frysk te brûken. Undernimmers en wysels moatte it mei-inoar sels dwaan.